


De Koepel

73e JIERGONG


no. 6, juni 2022



**Doarpskrante foar
Wytmarsum en omkriten**



Redaksje:
Wim Beckers
Betty Popma - van Olst
Jellie Koops - Benedictus
Feikje Adema - van den Berg
Adri de Vries
Gerke Terpstra



24 uur per dag, 7 dagen per week


Wij staan voor u klaar!


Thuis als het kan, in het ziekenhuis als het moet. Welke zorg u ook nodig heeft, wij zijn er voor u. Antonius, voorheen Thuiszorg Zuidwest Friesland, biedt alle soorten zorg aan huis, zoals verpleging, persoonlijke verzorging, nachtzorg én gespecialiseerde zorg.


Dankzij de korte lijnen met ons ziekenhuis kan er thuis heel veel. En als zorg thuis niet kan? Dan helpen we u in ons ziekenhuis in Sneek.

Wij zijn er voor u, zodat u langer thuis kunt blijven wonen óf eerder uit het ziekenhuis weer naar huis kunt.

Annemarie Hannema is wijkverpleegkundige in uw buurt
Welke zorg u ook nodig heeft, zorgteam Witmarsum is er voor u en uw naasten. Annemarie komt graag bij u langs voor een vrijblijvend gesprek. Want ook u verdient optimale zorg, precies op maat.



 0515 - 46 18 81

 TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl

 mijnantonius.nl/thuiszorg

 **antonius**
zorg die meebeweegt

Kat en Harke

Oan it sinnige en drûge waar is ek tusken  en  efkes in ein kaam. Reinbuien komme oer en bringe einlings wetter. Mar de drûchte is noch net foarby. Alles wat groeit en bloeit hat ferlet fan reinwetter. De grûn is tige hurd en knollen en woartels smachtsje nei wietichheid. Dêrtroch hienen wy it drok mei wetter jaan oan de tún. No kinne wy efkes lins hâlde.

Oare drokte hat der ek yn ús doarp west. Doarpsbelang fiert it 60-jierrich bestean en dat dogge sy net allinne. Alle doarpsgenoaten binne wolkom op har feest. Op Keningsdei is it in drokte fan belang by leanbedriuw Haitzma. Wat in moaie lokaasje mei in soad romte foar eltsenien en alles ticht byinoar! Foar grut en lyts is der in nijsgjirrich programma mei gratis aktiviteiten. It kin net op. Der hinget in gesellige sfear en der is tiid en romte om elkoar te moetsjen. En dêr is ferlet fan. Wy kinne yn ús doarp net sûnder Doarpsbelang. Lokwinske en mar op dizze foet trochgean, liket my. Alle meiwurkers oan dit barren tige tank foar jimme ynset.

In dei letter is der in resepsje yn “De Hoekstien”. Nei rom 17,5 jier nimt Janny Koehoorn-Hoitsma ôfskie as boade fan begrafenisferieniging “De Laatste Eer”. Sy hat mei grutte ynset en belutsenheid har wurk dien. 296 kear hat sy yn dy jierren yn it spier west en minsken bystean om de lêste ear te fersoargjen foar immen, dy’t ferstoarn is. Tige tank hjirfoar Janny. Wy winksje dy in moaie tiid ta om no oare dingen te dwaan, dy ‘t dy ek nei oan it hert lizze.

Op 4 maaie is de deadebetinking by de Koepelstjerke. Dizze kear wurdt der ek in krânse lein op it grêf fan Bauke Wijbenga. Dit is in earbetoan oan alle doarpsgenoaten, dy’t omkaam binne troch oarlochsgeweld of wat der mei te krijen hat. Nei ôfrin hjirfan is der yn de Koepelstjerke in foarstelling: “Sperrgebiet”. It ferhaal giet oer de Twadde Wrâldkriich en de befrijding fan it Waddengebiet. Jouke Tilstra fertelt fia it byldskerm oer wat

der barde by Koarnwert. Nij Libben spilet der passende muzyk by. It is in ymposante jûn. It ropt ek fragen op oer hjoed de dei. Noch altyd wurdt der wol earne fochten op'e wrâld. Wy pakke straks miskien wol soarchfuldich ús koffer yn om mei fakânsje te gean. Flechtelingen nimme yn harren koffer it heechnedige mei en witte faaks noch net wêr't sy bedarje sille. Dit binne skrinende omstannichheden. Ek harren opfang is somtiden in nij drama.

Op 5 maaie fersoarget “Scheppingsgave” in konsert, ôfwiksele mei gedichten en ferhalen yn de Koepelstjerke. Dit alles stiet yn it teken fan frede en frijheid. Dit is sa weardefol. Wy wurde alwer op dizze feiten drukt troch de oarloch yn de Oekraïne. Beide ferienings ha dit dúdlik sjen en hearre litten. Tige tank foar jimme ynset.

Mei moai en sinnich waar is it fansels wer tiid om de swimklean op te sykjen. Want “Mounewetter” is wer iepen. Dêr wurdt wer tankber gebrûk fan makke. Wy winskje it personiel wer in moaie simmer ta yn en om it swimbad hinne.

Ek yn juny hoecht men net hieltyd thús te sitten. Yn Penjum is de “Kunst Kuier XL” mei mear as 45 keunstwurken yn en rûnom Penjum organisearre. Thomas Burger mei in grut skilderij en Gerben Gerbrandy mei tekeningen op grut formaat binne ûnder oaren ek te bewûnderjen. Stefan Belderbos makke in bewurke foto foar de kuier fan it lânskip by de Krim yn Wytmarsum. Fan 21 maaie oant en mei 19 juny kin men hjir fan genietsje. Ik soe sizze: net stinne mar rinne. Hooplik mei dêrby de sinne.

Op sneon 18 juny is der jûns om 20.00 oere wer in oargelkonsert yn de Koepelstjerke.

De simmer is as alles giet sa as it moat yn oantocht. In foarpriuwke hawwe wy al hân. Juny is ús saneamde simmermoanne. Ik winskje jimme allegearre in soad nocht en wille ta.

Dit komt fêst goed by Melvin en Andrea. Tige grutsk en bliid binne sy mei de berte fan MELLE BRENT TOLSMA, harren grutte wûnder, op 7 maaie 2022. Bruorke Björn fynt it ek och sa bysûnder. Hy is no net mear allinne en grutte broer wur-

den. Mei elkoar boartsje duorret noch efkes. Heit Melvin, mem Andrea, bruorke Björn, mar ek de pakes en beppes: Fan Herte Lokwinske. Jimme kinne dizze simmer genietsje fan sinnestrielen rûnom jimme hinne, sawol bûten as binnen.

Simmer.

It is simmer yn Fryslân

Elkenien springt wer út de bân

Lekker yn'e sinne yn'e tún,

of in dei op'e strún.

Wille op it terras of it strân

mei in lekker drankje yn'e hân.

Skûtsjesilen, fierljeppen en keatsen,

der is wer genôch

om fan te genietsjen.

Alles kin en alles mei.

Wat fiele wy ús lekker frij en blij

Spitigernôch kin net eltsenien mear fan dizze simmer genietsje. Op 1 maaie is ek it ledekeatsen wer úteinset. Wat seach TJERK GOSLINGA út nei dizze dei om wer oan de earste wedstriid mei te dwaan. Spitigernôch is hy dêr net mear by. Op 25 april 2022 is hy ûnferwachts ferstoarn yn de âldens fan 68 jier. Tjerk is berne op 12 desimber 1953 oan de Mulierlaan yn Penjum en is it fjirde bern fan Egbert en Pietje Goslinga-Kwast. Syn jongste broer Siep wennet no yn harren bertehûs. Troch soerstofftekoart wilens syn berte kin hy net it reguliere ûnderwiis folgje en giet yn Frentsjer nei skoalle. Jierrenlang hat hy by Empatec wurke oant hy yn 2020 mei pensjoen giet. Troch Corona hat hy net in ôfskiedsfeest hân. Sûnt 1984 wenne hy mei syn mem oan de Menno Simonsstrjitte tsjinoer de sportfjilden. Nei har ferstjerren hat Tjerk hjir 17 jier mei Jolanda Koopmans wenne. Mar ek oan har libben komt in ein. Hy rekket dêrnei befreone mei Hellen Oudenhooven en sy reitsje fereale op elkoar. Spitigernôch kinne sy net lang fan harren lok genietsje. It gemis is grut troch har ferstjerren. Tjerk is in bekende yn ús doarp. Hy

hat yn syn jonge jierren keeper bij Mulier west. Yn'e simmer is keatsen syn grutte hobby. Ferline jier hat hy 5 kear in krânse wûn. Tige grutsk en bliid komt hy dêrmei thús. Diamantpainting is ek in hobby dêr't hy him tige yn útlibje kin. Op it filmke fan "you tube Hoi 3" kin men him strielend sjen, grutsk op syn moaie resultaten. Wy winskje syn famylje en freonen sterkte ta om dit gemis in plakje te jaan.

Op freed 20 maaie 2022 is yn Harns ferstoarn **KLAARKE ZAAGEMANS**, 84 jier âld. Sy wie widdo fan Gerard Dijkstra. By in soad Wytmarsumers stie sy better bekend as Tante. Foaral binnen de Fryske Krite, dêr't sy jierrenlang ynstekster wie. Tegearre mei har man Gerard hat sy ek jierrenlang De Koepeleard [dat die men doe noch] en rûnbrocht. Dêrfoar wie Harns harren wenplak. Ferskate jierren hienen sy dêr in reidenrotanwinkel. Mar Wytmarsum as wenplak bleau lûken en nei harren pensioen hawwe sy harren hjir wer nei wenjen set. Op 26 july 2015 ferstoar Gerard en bleau sy allinne efter. Dit wie tige dreech foar har. Yn "De Batting" yn Harns is sy de lêste tiid leafdefol fersoarge. Wy winskje ek har famylje en neisten krêft ta dit ferlies te ferwurkjen.

- Oant de oare kear, Jelly.

Scheppingsgave

“Wat in het vat zit, verzuurt niet “ zei koning Willem-Alexander onlangs rond koningsdag. Dat geldt ook voor koor Scheppingsgave. Twee jaar moesten de plannen rond 4 en 5 mei uitgesteld worden door de corona ; maar eindelijk konden we het dit jaar uitvoeren mede dankzij subsidies en bijdragen van diverse instanties, ook uit Witmarsum. Nogmaals, dank hier voor!

Op woensdagavond 4 mei, na de jaarlijkse dodenherdenking, kon men de beeldende muziektheatervoorstelling “Sperrgebiet” in de Koepelkerk mee beleven. Het verhaal over de Tweede Wereldoorlog en de bevrijding van het Waddengebied . Het werd muzikaal omlijst door Nij Libben. Veel mensen kwamen er op af en hebben een indrukwekkende voorstelling kunnen zien. Het raakte je, vooral nu de oorlog in de Oekraïne zo dicht bij is en je dagelijks de oorlogsbeelden ziet in de media.

Op donderdagmiddag 5 mei heeft Scheppingsgave de vrijheidssoep uitgedeeld aan diegene die het via de mail, app of telefoon besteld hadden. De soep was gemaakt door leerlingen van de afdeling “Kiem Plaza” van de Friese Poort in Sneek. Christa Bruggenkamp had er heerlijke broodjes bij gebakken. We verkochten 91 bakjes soep en zo’n 155 broodjes. Maar helaas hielden we nog 40 bakjes soep over, want er was ruim besteld. We mochten van mevrouw de Molenaar op de zaterdag daarop, tijdens de verkooppuren van de bakkerij, onze soep in een speciaal georganiseerd marktstandje verkopen. Gelukkig hebben we alle 130 halve liters verkocht. Overigens kregen we vele positieve reacties op de smaak van de soep. Hartelijk dank aan allen die onze actie gesteund hebben.

’s Avonds was het Bevrijdingsconcert van ons koor onder leiding van Jannie Kramer in de Koepelkerk. Men kon naar enkele verhalen en gedichten luisteren; maar ook naar beelden kijken die op een scherm getoond werden. Gelukkig was de kerk goed gevuld en men kon genieten van een variatie aan liederen bege-

leidt op de piano door Maarten Smit. Aan het eind namen we afscheid van elkaar met het lied: “We ‘ll meet again”. De collecte bij de uitgang was voor Oekraïne. Het bracht maar liefst € 330,- op en is inmiddels overgemaakt op giro 555. Fijn dat u er was en bedankt voor uw gulle gift..

-
- In juni gaat Scheppingsgave nog een optreden in ‘September’ verzorgen en dan sluiten we het seizoen af om eind augustus weer met frisse sjongnocht te beginnen.
-

S V Mulier

Oefenwedstrijd SC Heerenveen -TOP Oss op 5 juli 2022 om 19.00 u.

SC Heerenveen speelt opnieuw een oefenwedstrijd bij ons op het sportcomplex ter voorbereiding op het nieuwe seizoen, net als in 2017 en 2019. Wij zijn daar enorm trots op. De wedstrijd vindt plaats op 5 juli a.s. om 19.00 u. tegen de Eerste divisie club TOP Oss. Voor Heerenveen een frisse start met de nieuwe hoofdtrainer Kees van Wonderen. De voorloop zal binnenkort van start gaan, dus houd onze website www.svmulier.nl in de gaten. Mocht u het leuk vinden om te helpen tijdens deze dag/avond, laat het ons weten via info@svmulier.nl of meld u aan via de website. Wij hopen op een mooie zomerse voetbalavond.

-
- Zien we u 5 juli a.s.?
- SV Mulier



Fysio

Fitness

Dry Needling
Functionele osteopathie
Manuele therapie
Oedeemtherapie
Medische training
Medical taping
Covid-19 herstelzorg
Hydrotherapie

Medische fitness
Bedrijfsfitness
Streetdance 4 Kids & Teens
Peuter- & kleuterdans
Spinning

Bel 0517-531901 voor het maken van een afspraak of kijk voor meer informatie op fysiowitmarsum.nl



Van Aylvaweg 16 | 8748 CE Witmarsum
Tel. 0517-531901 | info@fysiowitmarsum.nl | www.fysiowitmarsum.nl

KV Pim Mulier

Kaatsnieuws

Het kaatsseizoen is alweer losgebarsten en we hebben onze eerste ledenpartij er al op zitten. In ideale kaatsomstandigheden werd op 1 mei het seizoen geopend. Er werd leuk en fanatiek gekeatst. Bij de volwassenen werd er in drie verschillende categorieën gekeatst. Hieronder de uitslagen:

Heren

1e prijs: Jeroen Haringa en Durk Cuperus

2e prijs: Marc Huisman, Justin van Dijk en Chris Anema

Dames

1e prijs: Femke Epema en Jennifer de Jong

2e prijs: Yvonne Anema en Nynke Agema

Heren 50+

1e prijs: Theun Folkertsma, Martinus van der Meer en Oeds Broersma

2e prijs: Teake Koster, Harm Westra en Pieter van de Sluis

De KNKB partij voor pupillen meisjes is op 8 mei verkeatst. Er werd bij deze partij in twee categorieën gekeatst, de A en B klasse. Er deden drie dames uit Witmarsum mee. Froukje Westgeest keatste in de A klasse, Elske Kroondijk en Ilse Koopmans in de B klasse. Elske nam de krans mee naar huis en Ilse werd 3de. Wij zijn dan ook enorm trots op de prestaties van de dames!

Op 14 mei hadden we de federatie partij dit keer geen 100 partuur op het veld, maar 46 partuur, een fantastisch aantal natuurlijk. Er werd leuk gekeatst in alle 7 categorieën, geen wanklank te horen kortom een geslaagde kaatsdag met prachtige weersomstandigheden.

De komende weken wordt er volop gekeatst in en buiten Wit-

marsum. Partijen om naar uit te kijken in de komende tijd zijn: De wilde nachtkaatspartij die wordt georganiseerd op 3 juni voor leden en niet leden, met of zonder talent, kortom iedereen is welkom!

Vervolgens zal de tweede ledenpartij van het jaar gehouden worden. Die wordt gehouden op **5 juni**, niet een gezamenlijke ledenpartij met Pingjum, zoals eerder vernoemd, maar gewoon een ledenpartij met eigen leden. De gezamenlijke ledenpartij is verschoven naar **16 Juli** later in het seizoen en tot slot het straatkaatsen, wat zal plaatsvinden van **20 t/m 24 juni**.

Wilt u op de hoogte blijven van de prestaties van onze kaatsers uit het dorp volg dan onze Facebookpagina Kaatsvereniging Pim Mulier en ons Instagramaccount KVPimMulier of kijk op onze website www.kvimmulier.nl.

-
-
- Groeten namens, KV Pim Mulier



www.bouwbedrijf-heeringa.nl
De Tunen 17, 8748 EG Witmarsum, 0517-533080

De geast fan it Wythûs

Haadstik 3

De earste nacht

(skreaun troch Wim Beckers mei yllustraasjes fan Gert Jan Veenstra)

Gjalt is mei syn âlders yn it Wythûs wenjen kommen, in geheim-sinnich hûs! Hy komt yn de kunde mei Trynke dy't yn it doarp wennet. En hy giet foar de earste kear sliepen yn it nije hûs.



Om tolve oere lit de âlde stultsjeklok, dy't noch fan pake west hat, tolve swiere slaggen hearre.

Gjalt sjit oerein.

Wat heart er no?



Nee it wie net de galm fan de klok dy't er hearde, dit wie wat oars.

Hy hâldt syn sike yn.

It lûd is dúdlik te hearren.

Hjir moat er mear fan witte en hy stapt hoeden út syn bêd. De flier fielt iiskâld oan en soarget derfoar dat der in ridel troch syn hiele lichem giet.

Is it kjeld of spanning?

Súntsjes docht er in pear sokken en in trui oan; ûnderwilens is it lûd noch altyd te hearren.

It is krekt as immen sliepdronken wat yn it hûs omheistert en op syn paad alderhande tûkelteammen tsjin komt.

Gjalt docht syn sliepkeamersdoar iepen.

Nee he. Dy âld rot doar kreaket ek al as in âld wiif wat moarns betiid, sa stiif as in planke, fan't bêd komt.

Hy bliuwt efkes stean.

Ja, dêr is it wer.

It lûd is feroare, it liket wol gûlen. Of is it de wyn?

Nee, dat kin net, want dy hat him deljûn.

Hy hie dochs gelyk. De wyn woe him warskôgje fansels.

Hy stiet no yn't gongpaad, it is oeral neare nacht. Hy sjocht gjin hân foar de eagen. Hie er no syn bûslampe mar by him. Mar ja, dy leit noch ynpakt yn ien fan de safolle doazen.

Op'e taast fynt er it trepsgat en giet de houten treppen mei syn tolve trimen del.

Hoeden mjit er eltse stap út. Dochts makket eltse stap nei syn gefoel in heislik leven;

Wat is dit in lange trep.

By de fiifde trime stoppet er efkes.

Hy skerpet syn earen en heart noch altyd dat gûlen en.....it liket wol gekras, mar ek net echt. Hy kin't nije lûd net rjocht thús bringe.

It swit brekt him oan alle kanten út as er de trep fierder ôfgiet.

Eins is er dan ûnder.

Hy faget mei de mouwe fan syn piama it swit fan'e holle.

Bang?

Nee, fansels net.

De trep komt út yn'e lange gong mei de acht doarren. It lûd komt efter ien fan dy doarren wei, mar hokker?

Hy leit syn ear tsjin de earste doar oan dy't er op syn paad fynt. Neat.

De spanning is te snijen.

Stel je ris foar dat der ynienen ien fan dy doarren iepen smiten

wurdt.....

Hy moat er mar net tefolle by neitinke.

It lûd komt efter de sande doar wei.

Wat wie der hast ek alwer efter dizze doar?

Hy berekkent dat it de keukendoar wêze moat.

Noch hoedener as er niiskrekt de trep ôfgie, docht er de doar iepen.

Neare nacht.

It gûlen en it gekras is no noch dúdliker te hearen.

Wat sil er dwaan?

Sil er heit roppe of. Nee kom no, tinkt Gjalt, ik bin net bang.

Hy stapt de donkere romte yn enfalt ynienen yn in djip swart gat.

Hy besiket in lûd te meitsjen, mar dat slagget net, lykas immen syn kiel tichtknypt, wat moat er dwaan! Hy taast om him hinne, alles fielt like fiis oan. It stikt hjir fan de spinreagen en krobben.

Langsum probearet er oerein te kommen.

Lokkich hy hat neat brutsen.

It lûd! Hy heart neat mear.

Wêr is er hjir telâne kaam?

Ien ding stiet fêst: dit is net de keuken. Dit moat de kelder wêze.

Hjir hat er noch nea earder west.

Stil! It geheister begjint wer. It gûlen is opholden, mar it gekras, al is it no folle sêfter, is wer te hearren.

Ta syn skrik ûntdekt er in flau wyt skynsel.

Gjalt krijt al syn bytsje moed wat er noch hat op en slûpt, as in folleard soldaat, de rjochting fan it skynsel op.

It komt om dy hoeke wei.

Hy is er hast, noch twa.....ien meter.

Triljend stekt er syn holle om'e hoeke.

It lûd is ynienen opholden en it skynsel is dôf.

Hoe is dit no mooglik? tinkt Gjalt en op dat selde momint is der ynienen in felle ljocht-

blits en stoot in swarte ferskinning mei bolder-jend lûd rjocht op him ôf. Hy fielt twa iiskâlde hannen om syn nekke.

“Mem!!!!!!!!!!”



**Wij zijn het thuiszorgteam van Witmarsum en omgeving.
We staan 24 uur per dag, 7 dagen per week voor u klaar met:**

- **Verpleging en verzorging**
- **24-uurs alarmering**

Heeft u vragen of bent u op zoek naar een passende oplossing,
dan denken wij graag met u mee!

U kunt contact opnemen met onze wijkverpleegkundige
op telefoonnummer 06-83606917 of via ons mailadres
thuiszorg.witmarsum@patyna.nl



Graach Dien

No 't de Corona-rigels fan 'e baan binne kinne we koart wêze.
Sitte jimme om help ferlegen skilje dan

06-52046445 op alle wurkdagen tusken 9 en 10 ûre. As it kin 2
dagen yn it foar.

- Mear ynformaasje ??
- Skilje dan:
- Ale Kuperus 0517-531292

Bedankt

In onze harten leef je voort

Wij willen iedereen bedanken voor de steun en
de vele blijken van medeleven na het overlijden
van mijn vrouw, onze mem, beppe en oma

Anna Catharina Anema - Mosterman
~ Annie ~

Het heeft ons erg gesteund in deze moeilijke tijd.

Henk Anema
Kinderen & kleinkinderen

Juni 2022

Tsjerkepaad 2022

De kerken in Pingjum en Witmarsum doen weer mee aan Tsjerkepaad. Dit zijn de Koepelkerk en de doopsgezinde kerk in Witmarsum en de Victoriuserk en it Skûltsjerkje te Pingjum. Tsjerkepaad 2022 is van **2 juli t/m 10 september** op de zaterdagen van 13.30 tot 17.00 uur. It Skûltsjerkje in Pingjum is open van 14.00 tot 16.00 uur.

Behalve voor een praatje, een moment van stilte en bezinning of het opsteken van een kaarsje is er in al deze kerken iets bijzonders te zien. In de Koepelkerk in Witmarsum zijn de eerste eilanden te zien van de Menno Simons expositie. Uiteindelijk komen er 6 eilanden in de Koepelkerk en 2 in de Victoriuserk te Pingjum.

Uitgangspunten van de expositie zijn:

- historie koppelen aan de tegenwoordige tijd
- uitnodigen tot persoonlijke vragen: hoe verhoud ik mij tot de ander, de omgeving, tot alle organismen in het grote geheel
- nadenken over: leefbaar klimaat, niet meer nemen dan nodig is, “nieuwe mens” worden

We leven momenteel in een tijdperk van individualisme en materialisme en we zijn de onderlinge verbondenheid met de natuur en met elkaar kwijtgeraakt. In die zin is het goed om na te denken over de betekenis van grondwaarden als soberheid, geweldloosheid, zorg voor elkaar en voor de omgeving. De expositie wil aangeven dat er ook ruimte voor twijfel mag zijn (er zijn meerdere waarheden), spreekt over moed en lef om te kiezen. En toch wil de expositie niet belerend zijn. De tentoonstelling moet uitnodigen om stil te staan bij de vraag: waar sta je zelf?

Per eiland zal een concreet object of ritueel worden belicht en er worden verhalen verteld, maar omgekeerd kunnen bezoe-

kers ook hun eigen verhaal kwijt. We hopen tijdens de komende Tsjerkepaadperiode al een klein stukje van de expositie te kunnen laten zien. Het geheel zal medio 2023 klaar zijn.

In de doopgezinde kerk in Witmarsum hangen enkele foto's en er is een boekje beschikbaar met de bijbehorende verhalen. Thema is 'gewoon verhalen'. Verhalen die ook duurzaam zijn omdat ze een heel leven met iemand meegaan. Bijzonder om te delen en te lezen. Er is ruimte voor ontmoeting of om gewoon even rustig te zitten.

De Victoriuserk is de afgelopen jaren ingrijpend verbouwd om de kerk geschikt te maken voor multifunctioneel gebruik. De kerk blijft beschikbaar voor kerkdiensten, maar het bestuur van de Stichting Victoriuserk werkt samen met de Stichting "Gouden Land". Gouden Land is een initiatief van 5 dorpen rond de Marneslenk, te weten Witmarsum, Arum, Kimswerd, Pingjum en Zurich.

De Stichting Gouden Land heeft de Victoriuserk op het oog als centrale ontmoetingsplek voor haar activiteiten. Onder meer zijn er vastomlijnde plannen voor de inrichting van een permanente, eigentijdse tentoonstelling. Landschapshistorie, kerkgeschiedenis, dorpsgeschiedenis krijgen er een plek, maar er is ook focus richting heden en toekomst. Verschillende transitities in het landgebruik, toerisme, klimaat (zeespiegelstijging) willen in beeld en discussie worden gebracht. Het is zeker de moeite waard om een kijkje te nemen in de verbouwde Victoriuserk.

In it Skûltsjerkje in Pingjum is een film over het leven van Menno Simons te zien. Menno Simons wordt wel de enige Nederlandse kerkhervormer genoemd. Hij werd geboren in Witmarsum en werkte – nog als priester – in Pingjum. Hij was belangrijk voor de doperse beweging, waaruit in Nederland de doopsgezinde geloofsgemeenschap is ontstaan. Over de hele wereld verspreid wonen christenen in de doperse traditie, die zich naar hem "Mennonieten" noemen.

De gezamenlijke kerken geven een stempelkaart uit, die tij-

dens Tsjerkepaad 2022 in alle genoemde kerken verkrijgbaar is. Voor een volle stempelkaart (na een bezoek aan de vier kerken) ontvangt u een leuke attentie. Daarnaast zijn er ook nog wandel- en fietsroutes in de kerken verkrijgbaar. Op bepaalde zaterdagen kan de toren van de Koepelkerk worden beklommen en zijn er orgelbespelingen.

De orgelbespelingen zijn op 2/7, 23/7, 13/8 en 3/9 van 15.30 – 16.00 uur in de Koepelkerk. Het toren beklimmen in de Koepelkerk kan op 9/7, 6/8 en 3/9/2022.

Kijk ook eens op de website www.tsjerkepaad.nl. Hier zijn de kerken vermeld die meedoen aan Tsjerkepaad en ook vele activiteiten zoals exposities, concerten, wandelingen en fietstochten. Welkom in de kerken. De koffie/thee staat klaar.

-
-
- Namens de doopsgezinde gemeente en de werkgroep Tsjerkepaad

cleanice Droogijs reiniging



Scan mij

- Snel & effectief
- Zonder demontage
- Milieuvriendelijk
- Toepasbaar in talrijke industrieën & objecten

Een demonstratie? Kijk voor meer informatie op: www.cleanice.nl

St. Koepelconcerten

BACH! In de Koepelkerk te Witmarsum op 18 juni 2022

Eindelijk weer een orgelconcert in de Koepelkerk te Witmarsum op zaterdag 18 juni 2022 om 20.00 uur. De uitvoerende musici zijn Simon Bouma, orgel en Judith Oost, cello.

Het duo werkt sinds 2018 samen en heeft als doel om de zeldzame combinatie van cello en orgel extra onder de aandacht te brengen. Het orgel, met zijn veelzijdigheid en grote rijkdom aan klankkleuren, biedt in samenklank met de cello, als vertellend melodie-instrument, oneindig veel mogelijkheden om ontroerende, fantasierijke en humoristische muzikale verhalen te laten ontstaan.

‘BACH!’ is een ontmoeting tussen twee instrumenten waarvoor Bach’s composities van onschatbare waarde zijn: de cello en het orgel. De beide instrumenten gaan in het concert met elkaar in dialoog en vertellen samen een muzikaal verhaal, waarin de wereldlijke en geestelijke muziek van Johann Sebastian Bach naast elkaar klinkt.

Er worden orgelkorallen gespeeld in een bewerking voor cello en orgel, delen uit de sonates voor gamba en klavichord (op cello en orgel), delen uit de solosuites voor cello en preludes en fuga’s voor orgel solo, waaronder de indrukwekkende prelude en fuga in Es groot uit de ‘Duitse Orgelmis’ van Bach.

Het verhaal dat vanuit deze werken ontstaat, laat de mens horen in al zijn kwetsbaarheid, met de, voor iedere luisteraar herkenbare, vragen en gemoedstoestanden en het zoeken naar licht in het alledaagse aardse bestaan. Daartegenover staan grote, nauwelijks te bevatten begrippen, zoals de dood, de eeuwigheid en de heilige drie-eenheid. Bach wist ze in zijn orgelcomposities te verklanken en dichterbij ons voorstellingsvermogen te

brengen. ‘BACH!’ is vanuit nieuwsgierigheid ontstaan. Organist Simon Bouma en celliste/theatermaakster Judith Oost zien er naar uit om de ontdekkingen die zij deden, met de luisteraars te delen!

Sinds 2020 spelen Simon en Judith concerten in de reeks ‘Reis met de Caprice’ (rond leven en werk van organist, musicoloog en componist Gert Oost). In de komende periode blijven zowel ‘Reis met de Caprice’ als ‘BACH!’ op het programma staan.

Omdat Simon en Judith de Koepelkerk beschouwen als hun ‘thuisbasis’ en hun concerten voorbereiden op het prachtige van Dam-orgel in deze kerk vindt de première van ‘BACH!’ plaats op zaterdag 18 juni 2022 om 20.00 uur in Koepelkerk van Witmarsum. Het concert wordt georganiseerd i.s.m. Stichting Koepelconcerten Witmarsum.

Kaarten á € 12,50 zijn te bestellen via e-mail marijkebaarda@ziggo.nl en graag vooraf betalen via NL31 INGB 0003 7203 82 ten name van Stg. Compagnie Barrevoet.



Stichting Koepelconcerten Witmarsum.



NB: Voor overige speeldata: zie barrevoet.nl

Hoi! 13

De laatste Hoi! voor de zomer is bijzonder leuk. Omdat jullie de zomermaanden even zonder Hoi! moeten doen, hebben we deze keer een extra lange aflevering.

We bezoeken de familie Huisman, zij wonen vlakbij de ijsbaan en houden Alpaca's. Op dit moment is daar iets op komst, maar wat zou dat zijn? Dat blijft nog even spannend. Op het schoolplein treffen we de leerlingen van groep 8 uit Witmarsum, zij vliegen straks uit. We zijn benieuwd naar hun toekomstplannen. Met oud-brandweerlieden Gelf Spijksma en Sjoerd Meekma gaan we terug in de tijd. Zij spoorden de oude brandweerauto van Wonseradeel, bouwjaar 1924, op en nu staat hij weer in Witmarsum.

Op het sportveld worden de lijnen uitgezet en klinkt 'Boppeslach!'. We spreken Peter Huisman van de jeugdcommissie 'Lytse Pim' over het kaatsen in ons dorp. Aukje Brouwer heeft haar eigen praktijk aan huis, waar zij o.a. klankbaden geeft. Wij waren bij zo'n klankbad. Jouke Huitema vond zijn Karlijn bij 'Boer zoekt vrouw'. Een heel avontuur, wat bijna heel Nederland op de beeldbuis volgde. We zijn erg benieuwd hoe het nu met hen gaat.

Vanaf **19 juni** is Hoi! 13 te zien op YouTube 'Witmarsum in beeld'. Als Hoi! 13 live is, zie je dat ook aan de nieuwe Hoi! posters in het dorp en op social media.

Heb je tips voor ons? Laat het weten via mail hoi-witmarsum@hotmail.com

- Wij wensen jullie een hele fijne zomer toe.
- Oant sjen, tot de volgende Hoi!
- Gerke Terpstra, Jannita van der Veer, Wim Beckers en Anja Feenstra



Gazelle, Kreidler en Pointer -dealer
ook andere
merken
leverbaar

deelnemer
Nationale
Fiets Projecten

nieuwe en gebruikte
fietsen
en fiets verhuur

fietsreparaties
en fietsaccessoires

ELGERSMA

R I J W I E L E N

Openingstijden:

maandag gesloten
dinsdag 9.00-18.00

woensdag 9.00-18.00
donderdag 9.00-18.00

vrijdag 9.00-18.00
zaterdag 9.00-16.00

KAATSPLEIN 6 | WITMARSUM | TEL. 0517-532551

WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL

Kunst achter Dijken

Kunst achter Dijken: open ateliers, muziek en meer

Op zaterdag 21 mei is de Kunst Kuier XL in Pingjum geopend. Op het moment van schrijven zijn net de eerste kunstwerken geplaatst. Net als vorig jaar ziet het er weer prachtig uit. Dit keer onder andere met werk van Thomas Burger, Gerben Gerbrandy en Stefan Belderbos uit Witmarsum. In totaal zijn er meer dan 50 kunstwerken te zien, verspreid over 1,5 km. Allerlei activiteiten tijdens het weekend van 18 en 19 juni. Bijzonder aan deze Kunst Kuier XL is dat er tijdens het laatste weekend, op **18 en 19 juni**, allerlei extra activiteiten worden georganiseerd. Zo is er dat weekend een open atelierroute waarin ook Thomas Burger en Gerben Gerbrandy hun werk presenteren. Op tien locaties in en rond Pingjum zijn er dat weekend exposities.

Muziekoptredens

Daarnaast zijn er verschillende muziekoptredens. Naast het Jazz combo Pingjum treedt Gerben Gerbrandy op met twee van zijn bands. De Tigers fan Greonterp, met zanger/dichter Elmar Kuiper, treden op zondag op in het ‘tijdelijke atelier’ van Gerben, midden tussen zijn tekeningen van zangers en zangeressen. Zaterdag treedt in zijn atelier de band Xigatze op. Zij spelen onder andere een eigen bewerking van het lied “Sexbeat” van “the Gunclub” met de Friese titel “Lit it bist los”. Beide bands improviseren daarnaast bij Nakajima’s Stien, een door Gerben vertelde (en getekende) voorstelling over een Japans jongetje dat met een raket de ruimte in gaat. Zie voor het programma en tijden de website van Kunst achter Dijken. Mini iepenloftspul Het einde van een klimaatactivist Dit weekend is ook de laatste kans voor wie het het mini-iepenloftspul ‘Het einde van een klimaatactivist’ wil meemaken. De

voorstelling wordt midden tussen de kunstwerken van de Kunst Kuier XL opgevoerd en is speciaal voor het dorp en de Kunst Kuier geschreven. Het iepenloftspul duurt driekwartier en laat iedereen daarna met andere ogen kijken naar de kunstwerken van de Kuier. Met humor, verbeelding en muziek wordt er een beeld geschetst van de overleden klimaatactivist Wim Biersma. Laat je meevoeren door de verhalen van zijn broer en zus. En geniet van de kunstwerken, de kostuums, de muziek en het theaterspel op straat. Kaarten zijn te bestellen via de website van Kunst achter Dijken.

Workshops voor kinderen

Op **zondag 19 juni** wordt er voor kinderen in theetuin van Nije Trije een heus festival georganiseerd. Van 10.00 tot 17.00 uur worden er in grote tenten workshops gegeven voor kinderen van 5 tot 15 jaar: Timmeren, spelen in een band, voelstenen maken, kunst maken van afvalmateriaal, en nog veel meer. De workshops worden gegeven door kunstenaars en muzikanten met veel ervaring op dit gebied. De toegang is gratis en het is niet nodig om je hier vooraf voor op te geven.

-
-
-

Meer informatie over alle activiteiten is te vinden op www.kunstachterdijken.nl.

Gymnastiekvereniging

Voor de meeste leden zit het gymseizoen erop, maar de keurgroep gaat nog even door.

In April en Mei hebben we een kijk les georganiseerd voor de ouders. Dit in plaats van de traditionele uitvoering welke we volgend seizoen graag weer met een ieder willen gaan organiseren. Ik zou bij u nog terugkomen op de aangeschafte materialen. Als vereniging hebben we geïnvesteerd in de toekomst van onze huidige en toekomstige leden door middel van het aanschaffen van de juiste materialen. We hebben de leiding gevraagd waar nog behoefte aan is. We zullen hier in de toekomst ook de nodige aandacht aan geven, en daar waar nodig ook wederom investeren.

Op vrijdag 22 april namen wij en andere verenigingen deel aan de Koningsspelen op het sportveld.

Een frisse start van de dag, maar met mooi weer een geslaagd sportief evenement.

Zoals u allen weet hebben wij mee mogen doen aan de jeugdsponsor actie van de Poiesz.

Op 28 april ontvingen wij namens de Poiesz een cheque ter waarde van € 1183,--.

Hierbij wil ik u bedanken voor uw bijdrage aan dit mooie bedrag.

Nu het seizoen er voor ons grotendeels opzit, vragen wij de leiding altijd naar hun plannen voor het nieuwe seizoen. Amber Zaagemans verzorgt voor ons de freerunning lessen. Kort voor het einde van het seizoen gaf zij aan dat ze in ieder geval het

eerste deel van het nieuwe seizoen niet kon lesgeven.

Uiteraard de vraag waarom niet? Amber is zwanger en precies in die periode uitgerekend.

Amber hopelijk gaat de zwangerschap voorspoedig en krijgen jullie een gezond kindje.

Selma Hibma heeft aangegeven dat ze volgend jaar de lessen niet meer kan verzorgen. Ze heeft ureuitbreiding gekregen bij haar baan en is hierdoor niet meer in de gelegenheid om ook de gymnastiek lessen te verzorgen. Wij willen Selma hartelijk danken voor alle jaren dat zij de lessen heeft verzorgd en wensen haar veel succes.

Bovenstaande betekent voor ons wel dat we dringend op zoek zijn naar een invaller voor Amber en een vervanger voor Selma. Lijkt het je leuk, of kent u iemand die dit leuk lijkt. Neem dan even contact met ons op via: gymnastiekverenigingveno@gmail.com of even contact via 1 van de bestuursleden.

Nu denkt u misschien dat wij als bestuur achterover kunnen leunen en gaan genieten van het einde van het seizoen. Niets is minder waar. We werden namelijk gevraagd of wij eventueel ook willen meedoen aan de Ljochtkuier 2022 op 7 oktober. In een bijeenkomst op 17 mei jongstleden is er uitvoerig over het thema gesproken. Als bestuur zullen wij een keuze dienen te maken of wij het thema op de juiste wijze kunnen uitvoeren.



- Graag tot een volgende keer.

- Namens gymnastiekvereniging V&O



Goudenland project

Opening Goudenland project met optreden van een Oekraïense accordeonist **10 september 2022 om 17.00 uur** in de Koepelkerk te Witmarsum

Sinds begin 2021 is een groot project gestart onder de titel: “Goudenland op weg naar de toekomst”. Het project wordt ondersteund door het Waddenfonds, de gemeente Súdwest Fryslân en de provincie Fryslân.

Het project heeft als doelstelling klimaatverandering, biodiversiteit en cultuurtoerisme te koppelen aan inspirerende initiatieven uit vijf dorpen. Arum, Kimswerd, Pingjum, Witmarsum en Zurich zijn de gelukkige dorpen waar in de komende jaren diverse activiteiten zullen plaatsvinden.

- Witmarsum zal in de loop van 2022 een tentoonstelling over het leven en gedachtegoed van Menno Simons krijgen in de Koepelkerk.
- De Pingjummer Halsbân zal als één van de oudste ringdijken van Nederland het hart van het Goudenland zijn. De geschiedenis en de historische waarde van deze dijk krijgen opnieuw de aandacht
- Het Zuricher Oord is een stiltegebied van 19 hectare met een rijke geschiedenis als polder.
- In dit bijzondere gebied worden op dit moment dijkes aangelegd om tot een Leesbaar Landschap te komen waar oude gewassen en planten opnieuw gezaaid en geoogst kunnen worden. Na het broedseizoen is dit project te bezoeken (na 15 juli).
- Vanuit de Lytse Bouhoeke start een project rondom natuurvriendelijk landbouw uitgaande van het oude principe van een

gemengd bedrijf.

- Over de geschiedenis van boeren en bewoners uit dit gebied wordt een film gemaakt, die in de Victoriuskerk in Pingjum onderdeel zal zijn van een permanente tentoonstelling.
- Jaarlijks zal een Goudenland festival in één van de 5 dorpen plaatsvinden.

Het Goudenland project zal voor het eerst naar buiten treden in aansluiting op de Streekmarkt van de Doopgezinde Gemeente op Open Monumentendag zaterdag 10 september 2022 in Witmarsum.

Het programma na de Streekmarkt is als volgt :

16.00 uur : is er traditionele Oekraïense Borsjtsj - bietensoep te koop met een Menno Simons bolletje. De opbrengst van deze verkoop gaat naar Oekraïense vluchtelingen in ons gebied.

17-18 uur : Muzikaal optreden van Oleg Lysenko (Oekraïense accordeonist) in samenwerking met Fanfare Nij Libben en het koor Scheppingsgave

- Wilt u meer weten over de projecten van het Goudenland kijk
- dan op de website:
- www:goudenland.frl of neem contact op met Roos Snijders
- 0644476866.


Yn't ferline

Wy geane wer hûndert jier werom yn de tiid om te sjen wat der doe barde yn it doarp.

Der barde ek in ûngelok, dit barde mei de hear Anne Lieuwes Oosterbaan by it himmeljen fan de karbid ynstallaasje op syn pleats. Oosterbaan kaam mei in baarnende fytslampe, dy 't doe noch op karbid wurke, te ticht by in iepening dêr 't gas út ûntsnapte, sadat der in fûle ûntploffing barde. Mei in ferbrânde hân rûn it ûngelok noch goed ôf. De pleats fan Anne Oosterbaan wie as nr. 11 nûmere, bûten de beboude kom. Nei twa nûmeringen is it no bekend as Rijpenderlaan 7, ús better bekend as de tapytbuorkerij. Yn it doarp wurdt besocht, troch in pear manlju en froulju, om winterdeis in operette op te fierren, foar neier te bestimmen doel. Is it slagge en wat wie it doel, mar men kin wol sjen dat it doarp folop dwaande wie om dingen te organisearjen. Pieter Bangma hat in advertinsje yn de krante pleatst om 't hy wat ferlern is. Underweis, op syn motor, nei alle gedachten op de dyk tusken Snits en Boalsert is er in brune linnen tas mei motorark kwytrekke. Folkert Bangma hat in partij borgers (eigenheimers), fan ûngefear 1000 hektoliter, en goedkard troch de Z.P.C. te keap. Folkert Bangma wenne doe op de pleats oan de Arumerweg nûmer 76, letter bewenne troch Jacob Kooistra. Nei it ferstjerren fan Jacob Kooistra yn 1955 hat syn widdo, Neeltje Kooistra-Miedema, hjir noch jierren wenne. De kommisje, dy 't nei it Frisia feest fan ferline jier permanint ferklearre waard, hie justerjûn in gearkomste yn it kafee fan Jan Kuperus. Dit is yn it ferbân mei de folksfeesten op 6, 7 en 8 augustus, want de merken binne yn dizze gemeente ôfskaft.

Ta bestjoersleden binne mei grutte mearderheid fan stimmen keazen de hearen Lyckle Boersma, Albertus Piekema en Lieuwe Wierda. Besletten is dat op 7 en 8 augustus ferskate

folkspultsjes plak hawwe. Fierder stiet op it program: in wedstriid draakfleane, bemaskere optocht, matinee ensfh. Op 'e foto, in moai plaatsje fan 'e tram, dy 't oankomt op 'e buorren. Minsken as jimme no ek mei sa wat sitte, lit it ús dan efkes witte. Evert Zwier Verlengde Oostend 17 8748AP (532147), Geertje Verhoeve (531392), Titia Banga (531572) of Wietske Sierkstra (532047) e-mail: evertzwier@outlook.com





Heeringa

energieneutraal Wonen



Bouwbedrijf Heeringa ontwikkelt, bouwt en onderhoudt. Bij ons gaat kwaliteit hand in hand met échte betrokkenheid, volledige ontzorging en een nuchtere, no-nonsense mentaliteit. Vakmanschap, korte lijnen en net die stap extra die u wenst bij de realisatie van uw bouwactiviteiten.

Wij beschikken over grote kennis en ervaring en energie neutraal wonen.

Maak gerust een afspraak om onze Modelwoning, bouwjaar 1977 en energie neutraal, te bekijken.



Samen bouwen aan een duurzame en energieke toekomst

De Tunen 17, 8748 EG Witmarsum


0517-533080, info@bouwbedrijf-heeringa.nl

www.bouwbedrijf-heeringa.nl

LH *Loonbedrijf & Kraanverhuur* **Klaas Haitzma**

Levering van zand en tuinaarde
Verhuur van graafmachines (groot en klein)

Voor alle andere werkzaamheden op het gebied van grondverwerking of verhuur van (graaf)machines hebben (of zoeken) we een oplossing die bij u past!



Pingjumerstraat 26 • 8748 BN Witmarsum • info@haitzma Witmarsum • (0517) 531388

Agenda juni 2022

18 juni Koepelconcert ‘Bach!’ 20.00 uur, Koepelkerk,
Simon Bouma (orgel) en Judith Oost (cello)

18 juni ‘Hiel Fryslân keatst’

18 /19 juni Laatste weekend Kunstroute XL Pingjum
Open atelieroute, mini-iepenloftspul, muziek-
optredens en meer; zie ook het bericht in deze
Koepel

19 juni Vaderdagzwemmen in Mounewetter
Vaders mogen gratis zwemmen

25 juni Tennisclub Witmarsum
Open Toernooi

2 juli t/m

10 sept. Tsjerkepaad Witmarsum en Pingjum
Zie ook het bericht in deze Koepel



5 juli Oefenwedstrijd SC Heerenveen – TOP Oss
19.00 uur, Sportcomplex It Fliet





MILIEUSTRAT & CONTAINERVERHUUR

Voor bedrijf en particulier



Touwslagersstraat 20 0515 820240

BESTEL JE CONTAINER DIRECT OP: WWW.SNEEK-RECYCLING.NL



ROBBEN
METAALRECYCLING SNEEK

Zadelmakersstraat 26
8601WH Sneek
Tel: 0515 245050

**DE BESTE PRIJS
VOOR UW OUD IJZER**

Voor bedrijven, particulier
& verenigingen

WWW.ROBBENMETAALSNEEK.NL

Kolofon

Útjefte fan de gearwurkjende ferienings:

PCOB Wûnseradiel
PKN Wytmarsum
St. Koepelconcerten
St. Oars as Oars
Popkoar Wytmarsum
Gymnastiekver. "V. en O."
Muziekver. "Nij Libben"
Toneelver. "Surprise"
Perm. Commissie"
Kaartclub "Elk wat Wils"
E.H.B.O.
Bejaardensoo
"De Koepeldûnners"
K.V. "Pim Mulier"
Sportvereniging "Mulier"
Ver. voor Dorpsbelangen
Ondernemersvereniging Witmarsum
Tennisclub
IJsclub

Sticht. Zwembad "Mounewetter"
Zangver. "Scheppingsgave"
Vogelwacht
Graach Dien
Jeu de Boules ver. "De Mouneboulers"
Begr.-Crematiever. "De laatste Eer"
Triatlon Witmarsum
Zorgcentrum Aylva State
Stichting Ekspedysje Wytmarsum
Vrouwen van Nu Witmarsum e.o.
MFC It Fliet
Loopgroep Witmarsum
Trekkerdei Witmarsum

Til. nr sekretariaat: 0517-531205

De kopij foar de Merke Koepel moat uterlik 8 july ynlevere wurde fia de mail: redactie@dekoepel.frl en famyljeberjochten ek by Adri de Vries, Tsjerkelân 38, 8748 BJ, Wytmarsum.

Adreswizigingen en opsizzingen skriftlik oan boppesteand adres of fia de mail.

Berjochten foar de agenda nei: agenda@dekoepel.frl

Tariven 2022

Meidielings/advertinsjes 1 bledside	€50,-
Meidielings/advertinsjes 1/2 bledside	€30,-
Famyljeberjochten/betank-advertinsjes	€15,-
Bertekaartsjes	€15,-

De Koepel komt 11 kear yn it jier út, it earste wykein fan de nije moanne.

Post-abonnees dy't net lid (mear) binne fan in by De Koepel oansletten feriening betelje in minimale bydrage fan **€15,- it jier**. Wytmarsummers en oare lêzers om utens dy't lid binne fan boppesteande ferienings binne ús neat skuldich; in frijwillige bydrage is fansels altyd wolkom en wurdt troch ús tige op priis steld!

Rabobank rek.nr. NL 23 RABO 03715.56.201

Internet

Homepage: www.dekoepel.frl
E-mail adres: redactie@dekoepel.frl
Facebook: [webmaster@dekoepel.frl](https://www.facebook.com/webmaster@dekoepel.frl)



Hofstra bouw

Zorgeloos (ver)bouwen



3D model

Nieuwbouw Verbouw Renovatie Modernisering

**Wilt u een open keuken? Denkt u na over een aanbouw of serre?
Wilt u boven een dakkapel voor meer ruimte? Heeft uw badkamer een
opfrisbeurt nodig? Kan er een extra slaapkamer op de garage?**

Onze klanten zijn zeer tevreden over onze stijlvolle ontwerpen, over onze heldere afspraken, onze verrassende oplossingen, bouwkwaliteit en over de goede samenwerking. Wilt u weten wat het resultaat is van de verbouwing, dan maken we vooraf een 3D-ontwerp.

Hofstra Bouw, het meest veelzijdige bouwbedrijf van Friesland.
Profiteer van de voordelen en neem vrijblijvend contact met ons op.

www.hofstrabouw.nl

